

Gemeente Tytsjerksteradiel

KATEGORY	OANTAL	YNVESTARRE TROCH DE PROVINSJE FRYSLÂN
 ENERZJY EN DUORSUMENS	12	€ 223.126
 KEUNST EN KULTUER	19	€ 232.672
 LEEFBERENS	35	€ 515.651
 MIENSKIP EN BEDRIUW	8	€ 187.856
 NATUER EN KULTUERHISTOARJE	32	€ 323.775
 SPORT	21	€ 391.333
 FERDUORSUMJEN MIENSKIPSGEBOUWEN	8	€ 197.929
 SOARCH EN WOLWÊZEN	6	€ 103.548
 FRYSLÂN FERBYNT – VRIJWILLIGERSDAG 2024	14	€ 7.000

Tankwurd

Ut namme fan de Provinsje Fryslân wol ik jimme as belutsen ynwenners, organisaasjes en frijwilligers tank sizze foar jimme grutte ynset yn de ôfrûne jierren! Mei troch jimme en help fan de Provinsje binne tal fan inisjativen ta útfiering brocht. Mei-inoar hawwe wy ús direkte libbensomjouwing moaier makke. Yn doarp, wyk en stêd. Sûnt 2015 stipet it Iepen Mienskipfûns tûzenen ideeën – grut en lyts. Allegear foar ús Fryske mienskip. Dat binne saken om grutsk op te wêzen en dêr geane wy ek mei troch. Sa bouwe wy fierder oan in leefbere en moaie provinsje dy't ús bynt.

Sijbe Knol
Deputearre Leefberens



GEMEENTE TYTSJERKSTERADIEL

10 jier Iepen Mienskipfûns

It Iepen Mienskipfûns bestiet 10 jier. Foar jo leit de ynformaasjeblêd fan de gemeente Tytsjerksteradiel. Hjiryn kinne jo sjen hoefolle projekten de ôfrûne 10 jier troch de provinsje Fryslân stipe binne troch it Iepen Mienskipfûns.

Yn 2015 waard it Iepen Mienskipfûns oprjochte om subsydzjes dy't bedoeld binne foar frijwilligers tagonklikker en yntegrale te meitsjen en dat hawwe wy witten. Inisjatyfnimmers koene terjochte foar advys en help by oanfragen yn it streekhûs Noardeast Fryslân wat fêstige is yn Burgum. De provinsje waard oerspielt mei oanfragen. Fryslân brûst!



De Provinsje is grutsk dat se al 10 jier bydraacht oan it noch moaier en leefberder meitsjen fan de Fryske doarpen, wiken en eilannen. Mear ynformaasje oer it fûns en oankommende iepenstellingen treffe jo op: fryslan.fr/imfoanfreegje.

155

TOTAAL OANTAL PROJEKTEN

Yn totaal is € 2.182.890 troch de provinsje Fryslân ynvestearre yn projekten binnen gemeente Tytsjerksteradiel. Dat is € 66,37 de ynwenner.

YNVESTARRE BEDRACH:

Bydrage provinsje Fryslân
€ 2.182.890



Multiplier 4,61

ÚTLICHT:

Molkfabryk Burgum


Stichting De Molkfabryk hâldt him al mear as njoggen jier dwaande mei it op 'en nij bestemmen fan de histoaryske suvelfabryk fan Burgum ta It Griene moetingplak foar ûndernimmers en kreativelingen yn it Noarden. De Molkfabryk is in plak dêr't kreativiteit, kultuer en ûndernimme byinoar komme, lykas de dûnsskoalle Modestodûns Friesland, It Swingkoor Burgum, It kultuerlab Het Achterland en sels in escape room fan Silent Town. Ek binne der oare ferienings, lykas Iepenloftspul Burgum, basisskoalle De Arke en oare teätergroepen, ferienings en stichtings dy't tydlik gebrûk meitsje fan De Molkfabryk. Troch de bydrage fan it IMF is De Molkfabryk útgroeid ta in broeinêst fan kreativiteit, kultuer en ûndernimme yn Fryslân!



Projektekart gemeente Tytsjerksteradiel

Sûnt de oprjochting fan it Iepen Mienskipsfûns (IMF) yn 2015 binne der al mear as 2500 projekten realisearre dy't de leefberens yn Fryslân ferbetterje. Dy inisjativen, inisjearre en útfierd troch ynwenners sels, hawwe net allinnich de regio fersterke, mar ek de ferbining en it eigenskip tusken de bewenners en harren omjouwing.

Dizze projektekart jout in byld fan it tal ôfrûne projekten yn de gemeente Tytsjerksteradiel.



NIJSGJIRRIK NEI
DE PROJEKTEN?



gemeente | tytsjerksteradiel

TALJOCHTING:

- | | | |
|-----------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------|------------------------------------------------------------------------------------------------------------------------|-------------------------------------------------------------------------------------------------------------|
| 
Energjy en
Duorsumens | 
Keunst en
Kultuer | 
Leefberens |
| 
Mienskip en
Bedriuw | 
Natuer en
Kultuerhistoarje | 
Sport |
| 
Ferduorsumjen
Mienskipsgebouwen | 
Soarch en
Wolwêzen | 
Fryslân
Ferbynt |

OANTAL PROJEKTEN: 155

TOTAAL YNVESTARRE BEDRACH TROCH DE MIENSKIP: € 10.063.950

TOTAAL YNVESTARRE BEDRACH TROCH DE PROVINSJE FRYSLÂN: € 2.182.890